

Ruth

YNLIEDING

It plak fan dit boekje yn 'e Bibel, achter Rjochters, hawwe wy oernommen fan de Septuaginta. De H Bibel set dit boekje ûnder de 'Geskriften', it lêste part fan it Alde Testamint. It heart ta de fiif saneamde feestrollen (Megillot). Ruth waard op Pinkster lêzen.

De letterkundige wearde fan dit boekje is grut. De styl en de wize fan fertellen hearre ta it moaiste dat yn 'e Bibel te finen is.

Dit boek ferhellet ús fan hiel gewoane minsken, dy't yn in tiid fan ôffal en ûnferskillichheid, de wei fan God geane en yn dy wei segene wurde. It tapassen fan it sweagerhoulik en it folbringen fan de san. losserplicht rêde in geslacht fan ferearming en útsjerren. Sa wurde dizze minsken meiwurkers yn Gods plan. Hja krije har plak yn it foargeslacht fan kening David en sadwaande ek yn it foargeslacht fan de grutte Ferlosser Jezus Kristus (vgl. Mt 1:6).

1 Dea fan Elimêlek en syn soannen.

1 Yn 'e tiid dat it bestjoer yn hannen fan 'e rjochters lei, kaam der hongersneed yn it lân. Doe gong in man út Betlehem yn Juda om utens nei de fjilden fan Moäb, hy, syn frou en syn twa soannen. 2 De man hiet Elimêlek, syn frou Noömy en syn twa soannen Machlon en Kiljon; it wienen Efratiten út Betlehem yn Juda. Doe't se oankommen wienen yn 'e fjilden fan Moäb, bleauwen se dêr. 3 En Elimêlek, de man fan Noömy, stoar, dat hja bleau oer mei har beide soannen. 4 Dy trouden mei Moäbityske froulju; de iene hiet Orpa en de oare Ruth. Doe't se dêr sa likernôch tsien jier wenne hienen, 5 stoaren Machlon en Kiljon beide ek. De frou bleau allinnich oer, doe't se har man en har beide soannen misse moast.

Werom nei Betlehem; Ruths trou

6 Doe makke hja har klear, mei har skoandochters en gong werom út 'e fjilden fan Moäb, want hja hie, yn 'e fjilden fan Moäb, heard, dat de Heare nei syn folk omsjoen en har wer brea jûn hie.

7 Sa reizge hja ôf út it plak dêr't hja tahâlden hie, mei har beide skoandochters by har. Wylst hja ûnderweis wienen op 'e weromreis nei Juda, 8 sei Noömy tsjin har beide skoandochters: No kinne

jimme better weromgean, elk nei jim memme hûs. Mei de Heare goed foar jimme wêze, lykas jimme dat foar de ferstoarnen en foar my west hawwe. 9 Mei de Heare jimme jaan, dat jimme in rêstich bestean fine, elk yn it hûs fan jimme man. Dêrop tute hja harren. Mar hja begûnen lûdop te gûlen, 10 en hja seinen tsjin har: Nee, wy geane mei jo werom nei jo folk.

11 Noömy lykwols sei: Gean dochs werom, myn dochters; wêrom soenen jimme mei my gean? Haw ik noch soannen yn myn lichem, dy't jimme manlju wurde kinne? 12 Gean dochs werom, myn dochters, gean fuort, want ik bin te âld wurden foar in man; en sels as ik sizze soe: der is hoop foar my, ja, al soe ik fannacht noch in man ha en sels soannen krije, 13 soenen jimme dêrom dan wachtsje oant hja grut wurden wienen? Soenen jimme der dêrom fan ôfsjen om te trouwen? Nee, myn dochters! It is ommers foar my dochs noch helte bitterder as foar jimme, want de Heare hat de hân tsjin my úthelle. 14 Doe begûnen hja wer lûdop te gûlen en Orpa tute har skoanmem, mar Ruth hâlde har oan har fêst.

15 Dêrop sei hja: Sjoch, dyn skoansuster is weromgien nei har folk en har goaden: gean werom, dyn skoansuster achternei. 16 Mar Ruth sei:

Stean der by my net op oan, jo te ferlitten,

en werom te gean, by jo wei.

Want dêr't jo hinnegeane, gean ik hinne,

en dêr't jo de nacht oerbliuwe, bliuw ik de nacht oer.

Jo folk is myn folk en jo God is myn God.

17 Dêr't jo stjerre sille, sil ik stjerre en dêr sil ik begroeven wurde.

De Heare mei my wit-wat dwaan en noch helte slimmer,

as net de dea allinne skieding meitsje sil tusken jo en my.

18 Doe't se seach, dat hja fêst fan doel wie mei har mei te gean, prate se dêr net mear tsjin har oer.

Oankomst yn Betlehem

19 Doe gongen se tegearre fierder oant se yn Betlehem oankamen. Nei't se dêr oankommen wienen, rekke de hiele stêd om har yn ûnstjoer en hja seinen: Is dat Noömy? 20 Hja sei lykwols tsjin harren: Jimme moatte my net Noömy neame; neam my Mara, want de Almachtige hat my gâns leed oandien.

21 Fol bin ik fuortgien en leech hat de Heare my weromstjoerd.

Wêrom soenen jimme my Noömy neame?

De Heare hat Him ommers tsjin my útsprutsen

en de Almachtige hat my kwea oandien.

22 Sa kaam Noömy werom, mei by har Ruth de Moäbityske, har skoandochter, dy't weromgien wie út 'e fjilden fan Moäb. Hja kamen yn Betlehem oan yn it begjin fan 'e koarnrispinge.

1:1 *Betlehem yn Juda* – Dat 'yn Juda' stiet der by omdat der ek in Betlehem (is: breahûs) lei yn Sebûlon (Joz 19:15; Rjo 12:18).

Moäb – lei oan 'e eastkant fan 'e Deade See. De Moäbiten wienen besibbe oan Israel (Gen 19:37). Fgl. ek Deut 2:19.

1:2 *Efratiten* – Betlehem lei yn it fjild fan Efrata (vgl. Mi 5:1).

1:17 *De Heare mei my wit-wat dwaan en noch helte slimmer* – H: Sâ mei de Heare my dwaan en sâ dêr noch oan tafoegje. In eedsformule dy't folle faker foarkomt (bg. 1 Sam 3:17; 20:13; 2 Ken 6:31). Hja makken dêr miskien gearten by.

1:20 *Noömy* – betsjut leaflik.

Mara – betsjut bitter.

de Almachtige – sj. Gen 17:1 mei oant.

2

Ruth komt yn 'e kunde mei Boaz

1 No hie Noömy noch famylje oan har mans kant. It wie in man dy't it skoan dwaan koe, út 'e famylje fan Elimêlek en hy hiet Boaz. 2 Doe sei Ruth, de Moäbityske, tsjin Noömy: Sil ik it lân mar netris yngean te iersykjen achter ien dy't my tagedien is? En hja sei tsjin har: Gean mar, fanke!

3 Dêrop gong hja fuort en kaam op in stik lân en socht dêr achter de sichters oan. En it trof sa, dat hja op in stik lân fan Boaz rekke, dy't út 'e famylje fan Elimêlek wie. 4 En sjoch, Boaz kaam út Betlehem en sei tsjin 'e sichters: Mei de Heare mei jim wêze! en hja seinen him: Mei de Heare jo segenje. 5 Dêrop sei Boaz tsjin syn boufeint, dy't oer de sichters stie: By wa heart dat jong frommes? 6 De feint dy't oer de sichters stie antwurde: It is in Moäbityske jonge frou, dy't mei Noömy weromkommen is út 'e fjilden fan Moäb, 7 en hja sei: Lit my dochs iersykje en gearfandelje tusken de skeaven achter de sichters. Sa is hja kommen en hat yn 'e skrep west fan fan 'e moarn ôf oant no ta. Hja hat mar amper skofte.

8 Doe sei Boaz tsjin Ruth: Harkris fanke, gean net nei in oar stik lân te iersykjen. Gean hjir net wei, mar jou jo hjir mar by myn fammen, 9 mei de eagen op it lân dat hja sichtsjje, en gean dan achter de bynsters oan. Ik haw myn feinten hjitten, dat se jo net lestich falle sille. Hawwe jo toarst, gean dan mar nei de tûnen en drink fan wat de feinten opskeppe. 10 Doe liet hja har foaroer falle mei it gesicht nei de grûn, en hja sei tsjin him: Hoe komt it, dat jo my sa tagedien binne en sa'n belangstelling foar my hawwe, wylst ik in frjemdlinge bin? 11 Boaz joech har as antwurd: It is my wier wol ferteld, alles wat jo oan jo skoanmem dien hawwe nei de dea fan jo man, dat jo jo heit en mem en it lân fan jo komôf ferlitten hawwe en gien binne nei in folk dat jo foarhinne net koenen. 12 Mei de Heare jo jo died ferjilde, en mei jo in folslein lean takomme fan de Heare de God fan Israel, nei Wa't jo kommen binne om ûnder syn

wjukken taflecht te sykjen. 13 Hja sei: Jo binne my tige tagedien, mynhear, want jo hawwe my, jo tsiinstfaam, treaste en moed ynsprutsen. Ik lykwols kom net oan ien fan jo tsjinstfammen ta.

14 Doe't it iterstiid wie sei Boáz tsjin har: Skik hjir mar by, yt fan it brea en stip jo iten mar yn 'e jittik. Dêrop gong hja sitten njonken de sichters en hy joech har roastere ieren. Doe iet hja, waard sêd en hâlde noch oer. 15 Doe't se wer oereingien wie om te iersykjen, hiet Boáz syn feinten: Lit har ek tusken de skeaven sykje en lis har neat yn 'e wei. 16 Ja, jimme moatte ekris wat mei sin út 'e skeaven lûke en dat lizze litte, dat hja it opsykje kin; en sis der dan neat fan. 17 Sa socht hja it stik lân ôf oan 'e jûns ta en doe't se útsloech wat se opsocht hie, wie der likernôch in efa koarn.

18 Hja naam it mei nei de stêd. Doe liet se har skoanmem sjen wat se opsocht hie, en hja helle foar it ljocht wat se oerhâlden hie nei't hja sêd wurden wie, en joech it har. 19 Doe sei har skoanmem tsjin har: Wêr hasto socht en wêr hast hinne west te wurkjen? Mei hy segene wurde, dy't belangstelling foar dy hân hat. Doe fertelde se har skoanmem by wa't se wurke hie en hja sei: De man dêr't ik hjoed by wurke ha, hjit Boáz. 20 Dêrop sei Noömy tsjin har skoandochter: Mei hy segene wurde troch de Heare, dy't syn trouwe geunst oan 'e libbenen en oan 'e deaden net ûnthâlden hat. Fierder sei Noömy tsjin har: Dy man bestiet ús nei, it is ien fan ús lossers. 21 Ruth, de Moäbityske sei doe: Hy hat ek noch tsjin my sein: Hâld jo mar by it folk fan mines oant hja myn hiele rispinge berêden hawwe. 22 Dêrop sei Noömy tsjin Ruth: It is saak, fanke, datst der mei syn arbeidsters op útgiet; op in oar fjild mochten hja dy ris lêstich wêze. 23 Sa bleau hja yn 'e ploech by de arbeidsters fan Boáz te iersykjen oant de koarn- en de weetrispinge dien wienen. En hja wenne by har skoanmem yn.

2:2 *iersykje* – dat wie it rjocht fan de earne. Fgl. Lev 19:9-10; 23:22; Deut 24:19-22.

2:4 Dizze begroeting wie doe hiel gewoan en gjin bewiis fan gruttere frommens.

2:5 *boufeint* – H de man dy't oer de sichters stie.

2:7 *Hja hat mar amper skofte* – H net dúdlik. O.o.: hja sit net folle yn 'e hûs.

2:14 *joech* – fertaling fan dit mar ienkear foarkommende wurd net wis. O.o. hy socht byinoar.

2:17 *in efa* – likernôch 36 mingel.

2:20 *losser* – fgl. Lev 25:25-34 en 47-49. De lossers moast der foar soargje dat syn ferearme famylje wer yn it besit fan har lân kaam, dat hja út earmoede ferkocht hienen (sj. ek oant. by 4:3).

3 *Ruth docht in berop op 'e lossers Boáz*

1 Noömy, har skoanmem, sei tsjin har: Myn dochter, soe ik foar dy net in rêstich bestean sykje, dat it dy goed gean mei? 2 No dan, do hast by Boáz syn arbeidsters west, mar dy man is ommeers famylje fan ús? Sjoch, fannacht sil er koarnwynje op 'e terskflier. 3 Waskje en salvje dy en doch de pronk oan en geand dan del nei de terskflier. Meitsje dy net daliks oan 'e man bekend. Hy moat earst iten en dronken hawwe. 4 As er dan lizzen giet, tink dan om it plak dêr't er him deljout. Geand dan hinne en slach de tekken fan syn fuottenein op en geand lizzen. Hy sil dy dan fertelle watst dwaan moatst. 5 En hja sei tsjin har: Alles wat jo sizze, sil ik dwaan.

6 Doe gong hja del nei de terskflier en die alles krekt sa't har skoanmem har opdroegen hie. 7 Doe't Boáz iten en dronken hie, krige er in fleurich sin en hy gong hinne en joech him del op 'e ein fan 'e nôtbult. Dêrop kaam hja temûk en sloech de tekken fan syn fuottenein op en gong lizzen. 8 It wie midnacht doe't de man kjel wekker waard, om him hinne taaste en sjoch, dêr lei in frou by syn fuotten. 9 Wa binne jo, sei er en hja sei: Ik bin Ruth, jo slavin. Spried jo wjuk oer jo slavin, want jo binne lossers. 10 Doe sei hy: Segene meie jo wêze troch de Heare, myn dochter! Jo hawwe mei dizze lêste leafdedied noch mear deugd dien as mei de earste. Jo binne ommeers gjin jongfeinten, earm of ryk, achterneirûn. 11 En no, myn dochter, alles wat jo sizze, sil ik foar jo dwaan. Alleman yn 'e stêd wit wol dat jo in flinke frou binne. 12 No is it wol wier dat ik lossers bin, mar der is noch in lossers, neier as ik. 13 Bliuw hjir fannacht; mocht hy jo moarnier losse wolle, dan is it goed, lit him losse. Mocht it

him lykwols net sinnigje jo te lossen, dan sil ik jo losse, sa wier as de Heare libbet. Jou jo del oan moarnier ta.

14 Doe joech se har del by syn fuotten oan 'e moarntiid ta; mar hja gong oerein ear't de iene de oare ûnderskiede koe; Want – sei er – it mei net buorkundich wurde dat der in frou op de terskflier west hat. 15 Dêrop sei er: Jou hjir de omslachdoek dy't jo om hawwe en hâld dy op. Hja hâlde dy op en hy meat seis mjitte koarn út en joech har dy op. Doe gong hy nei de stêd.

16 Doe't hja by har skoanmem kommen wie, sei dy: Hoe is 't gien, fanke? Dêrop fertelde hja har alles wat de man foar har dien hie. 17 Hja sei: Dizze seis mjitten koarn hat er my jûn, want hy sei: jo moatte net mei lege hannen by jo skoanmem komme. 18 Hja sei: Bliuw mar rêstich, myn dochter, en dan fernimst fansels wol hoe't dizze saak betearre sil, want dizze man sil gjin lichten dwaan ear't er de saak hjoed net foarin-oar hat.

3:1-5 De sweagerplicht of it Leviraatshoulik wurdt regele yn Deut 25:5-10. It kaam lykwols net allinne by Israel foar. Fgl. Gen 38:8 mei oant. No't de man fan Ruth stoarn is, falle de plicht fan it lossen en de sweagerplicht gear (vgl. 4:5).

3:2 *koarnwynje* – it tsjef fan it koarn skiede troch it omheech te smiten. It tsjef waard dan troch de wyn derút blaasd. Dat waard ornaris jûns dien, omdat de wyn dan wat oanhelle.

3:3 *sahje* – d.i. har opkreezje mei salfkes.

3:9 *wjuk* – o.o. manteltippe. M.o.w. lit my jo frou wurde.

3:15 *seis mjitte* – H seis koarn. Faaks is bedoeld 6 omer; likernôch 24 mingel.

en joech har dy op – wer in freonlikheid fan Boáz, dy't har helpt om it koarn op it skouder (of de holle) te setten.

O.o. Hy lei it dêr op (t.w. de omslachdoek).

4 *Boáz trout mei Ruth*

1 Boáz sette nei de poarte ta en gong dêr sitten. En sjoch, de lossers, dêr't Boáz it oer hân hie, kaam foarby. Boáz sei: Jo dêr, kom dizze kant ris út en geand hjir sitten. Doe kaam er dy kant út en gong sitten. 2 Dêrop helle hy tsien man fan 'e âldsten fan 'e stêd derby en sei: Geand hjir sitten. En hja gongen sitten. 3 Doe sei er tsjin 'e lossers: Noömy, dy't út it fjild fan Moäb weromkommen is, wol it stik lân dat fan ús famyljelid Elimêlek

wie, ferkeapje. 4 No hie ik tocht en ik diel it jo mei: Keapje jo it yn it bywêzen fan dy't hjir sitte en fan 'e âldsten fan myn folk. Wolle jo it losse, los it dan en wolle jo it net losse, sis it my, dan wit ik wêr't ik oan ta bin, want nei jo is der gjinien om te lossen, as ik. Doe sei er: Ik sil it losse. 5 Mar Boáz sei: Meidat jo it lân keapje fan Noömy, nimme jo ek Ruth oer, de Moäbityske, de frou fan 'e ferstoarne om it erfdiel op namme fan 'e ferstoarne te hâlden. 6 Dêrop sei de lossers: Dan sil ik it foar my net losse kinne; ik soe myn eigen besit ris kwytreitsje kinne; nimme jo myn lossersplicht oer, want ik kin net losse.

7 No gong it eartiids yn Israel, om in saak fêst te lizzen, by lossen en ruiljen, sâ om en ta: De iene die syn skoech út en joech dy oan 'e oare. Dat wie in gebrûk yn Israel. 8 De lossers sei tsjin Boáz: Geane jo it foar josels oan. En hy die syn skoech út. 9 Doe sei Boáz tsjin de âldsten en tsjin it hiele folk: Jim binne hjoed getugen, dat ik alles wat fan Elimêlek en alles wat fan Kiljon en Machlon wie, fan Noömy oernommen haw. 10 Ek Ruth de Moäbityske, de frou fan Machlon haw ik oernommen as myn frou, om syn erfskip op syn namme te hâlden en om de namme fan 'e ferstoarne net útstjerre te litten út it fermidden fan syn lânslju en út 'e poarte fan syn wenplak. Jimme binne hjoed getugen. 11 Dêrop sei al it folk dat yn 'e poarte wie en de âldsten: Wy binne getugen. Mei de Heare dizze frou, dy't yn jo hûs komt, meitsje as Rachel en as Leä dy't beide it hûs fan Israel boud hawwe. Wurd machtich yn Efrata 'en meitsje josels namme yn Betlehem. 12 Mei jo hûs wurde as it hûs fan Pêres, dy't Tamar by Juda krige, út it neigeslacht dat de Heare jo jaan sil út dizze jonge frou.

13 Sa naam Boäs dan Ruth en hja waard syn frou. Hy kaam by har en de Hear joech har dat se swier waard en hja krige in soan. 14 Doe seinen de froulju tsjin Noömy: Heech te priizjen is de Heare, dy't it jo net oan in lossers ûntbrekke litten hat. Mei syn namme ferneamd wurde yn Israel. 15 Hy jout jo it libben werom en fersoarget jo yn jo âl-

derdom, want jo skoandochter, dy't jo leafhat, hja, dy't jo mear is as sân soannen, hat him krige.

16 Doe naam Noömy it bern en sette it op har eigen skurte en hja naam syn fersoarging op har. 17 De buorfroulju joe-gen him in namme en hja seinen: Noömy hat in soan krige en hja neamden him Obed. Hy wie de heit fan Isai, de heit fan David.

It foargelacht fan David

18 Dit is it geslacht fan Pêres: Pêres waard heit fan Chesron, 19 Chesron fan Ram en Ram fan Amminadab, 20 Amminadab fan Nachsjon en Nachsjon fan Salma 21 Salmon fan Boáz en Boáz fan Obed, 22 Obed fan Isai en Isai fan David.

4:2 *âldsten* – dat wienen de mannen dy't de stêd bestjoerden en dy't rjochtspraken.

4:3 *wol ferkeapje* – mei in lytse wiziging yn 'e vokalisaasje. MT: ferkocht. Mar dan hie de

keeper ek meirate moatten. Fgl. ek f. 5, dêr't stiet dat it fan Noömy kocht wurde moat.

4:6 *Ik soe myn eigen besit ris kwytreitsje kinne* – H dat ik myn erfdiel net ferdjerre soe. As hy it allinne mar hoege te lossen, dan kaam letter, mei't Machlon en Kiljon gjin bern hienen, it lân yn it besit fan 'e losser. Mar as der al bern kamen – as er mei Ruth trouwe soe – dan kaam it lân wer yn 'e famylje fan Elimêlek en wie it weismiten jild.

4:7-8 Dy gewoante wie dus, doe't it boekje skreaun waard, al yn ûnbrûk rekke. De seremoanje, hjir beskreaun, liket wol wat op dy neamd yn Deut 25:25, mar it is net deselde.

4:10 *net útstjerre te litten út it fermidden fan syn lânslju en út 'e poarte* – d.w.s. it neigeslacht sil altyd minsken hawwe dy't ûnder de âldsten rekene wurde.

4:12 *Pêres* – sj. Gen 38:29.

Tamar – sj. Gen 38:11-27.

4:18-22 Dit geslachtsrêgister is tige ûnfolslein, mar it giet ek om de grutte lijn. Hjir wurde fiif nammen neamd út 'e tiid yn Kanaän en Egypte: Fan Pêres (Gen 38:29) oant Nachsjon, dy't by de úttocht út Egypte libbe (Ex 6:22). Salma (of Salmon) libbe by de yntocht yn Kanaän, want hy troude mei Rachab (Mt 1:5). De lêste fiif nammen geane dus oer de tiid yn Kanaän.